

It haad oer de kop

ha jim 't al heard: it haad dat is dea	Am	C	G	Am
syn pensioen wie net mear safier	Am	D	Am	
mar tiid om te rêsten naam hy noch nea	Am	G	C	G
altyd warber, hast fjirtich jier	Am	D	G	Am

haad fan de skoalle, haad fan it doarp
gjin bestjoer kaam sûnder him gear
en elts dy't wat te stinseljen hie
koe der op- rekkenje: master stie klear

der kaam ynienen foarich jier	Dm	G		
in nije juffer oer de flier	C	Am		
en dat hat syn libben bot bekoarte	Dm6	E7	Am	
hja wie twaëntweintich jier	Dm	G		
en sa boartlik en sa blier	C	Am		
en hy helle deis wol fiif kear in kamke troch syn hier	Dm6	E7	Am	

en wie de juffer mei de berntsjes oan't sjongen	Dm	G	C	
dan kipe hy troch it rût	Dm	E7	Am	
nachts waard hy fan wylde dreamen besprongen	Dm	G	Eb	
dan joech hy har in dikke tút	D	C	E7	

nei skoaltiid gie hy eltse dei
noch efkes mei de juffer mei
om har by it wurk wat te helpen
mar doe op in kear
se wiene amper klear
doe sei er, ik wit net, it docht my hjir sa sear

ha jim't al heard: it haad dat is dea
syn pensioen wie net mear safier
mar tiid om te rêsten naam hy noch nea
altyd warber, hast fjirtich jier